

Fakatuere by de Afûk

De Afûk is in aktive, ûndernimmende organisaasje, dy't as doel hat om de Fryske taal yn alle geledingen fan ús Fryske mienskip in folweardich plak te jaan. In sterke gearwurking mei it ûnderwiis fine wy essinsjeel foar in moaie takomst fan de Fryske taal. Wy sykje in:

HAAD UNDERWIIS

foar 28 oant 36 oeren wyks

De Afûk is in wichtige partner binnen it Frysk ûnderwiis. Yn de ôfrûne jierren hawwe wy digitale metoades foar it skoalfak Frysk ûntwikkele yn it primêr ûnderwiis (Spoar 8) en yn it fuortset ûnderwiis (Searje 36). Wy binne ek dwaande mei it Frysk yn de foarskoalske perioade, op it mbû en hbû en yn it spesjaal ûnderwiis. Dêrneist fersoarget de Afûk kursussen Frysk foar folwoeksenen, sawol partikulier as saaklik (bygl. by gemeenten, de provinsje, yn de soarch en by bedriuwen en ynstellingen). Sûnt 2021 is de Afûk ien fan de sintrale partijen binnen it Taalplan Frysk 2030. It ûnderwiisteam bestiet út fyftjin belutsen en saakkundige meiwurkers, wêrûnder fjouwer projektlieders foar foarskoalsk, pû, fû/sû en mbû/hbû.

Wat is dyn rol?

- do joust lieding oan it ûnderwiisteam, yn in goede gearwurking mei de fjouwer projektlieders;
- do bepaalt de strategyske koers fan it ûnderwiisbelied by de Afûk binnen it ramt fan Taalplan Frysk 2030 en ûnderhâldt kontakten mei de partners;
- do bist ûnderdiel fan de stêf fan de Afûk, dy't ûnder lieding fan de direkteur-bestjoerder de linen foar de organisaasje útset.

Wat nimst mei?

- do hast in universitêr wurk- en tinknivo;
- do hast romme ûnderfining yn it ûnderwiisfjild en/of mei de ûntwikkeling fan (digitale) learmiddels;
- do hast ûnderfining mei lieding jaan oan professionals;
- do kinst in netwurk ûnderhâlde en in strategyske koers útsette mei kollega's en partners;
- do behearskest it Frysk mûnling goed en kinst goed Frysk lêze en leafst ek skriuwe (en oars hawwe wy dêr in kursus foar).

Wat biede wy dy?

- do krijst earst in tydlik tsjinstferbân foar in perioade fan in jier (mar it giet hjir om in strukturele funksje);
- salaris neffens de KAO Sosjaal Wurk, skaal 11, en fierder ôfhinklik fan oplieding en ûnderfining.

Mear ynformaasje en sollisitearje

Hasto der nocht oan om mei ús it ferskil te meitsjen foar it Frysk yn it ûnderwiis? Dan hearre wy graach fan dy! Stjoer dyn sollisitaasje mei dyn cv foar 12 juny 2023 nei Ciska Noordmans: ciska.noordmans@afuk.frl. Foar mear ynformaasje oer de fakatuere kinst kontakt opnimme mei Alex de Jager, direkteur-bestjoerder: alex.dejager@afuk.frl, tel: 06-51019964.

De sollisitaasjepetearen sille holden wurde op tongersdei 15 juny 2023.